

BÉATRYS

Béatrys

yn oersetting fan

Klaas Bruinsma

FF

UTJOUWERIJ FRYSK EN FRIJ

BÉATRIJS

Tekst: Klaas Bruinsma

Foarmjouwing: Utjouwerij Frysk en Frij, Ljouwert

Opmaak: Bornmeer dtp, Wânswert

Printwurk: Koninklijke Wöhrmann b.v., Sutfen

Foto's omslach: Keninklike Bibleteek, Den Haach; Jaap Schaaf, Ljouwert

© 1993 Klaas bruinsma, Aldemardum

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde en/of iepenbier makke troch print-sjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder skriftlike tastimming fan de útjouwer.

ISBN: 90-73554-07-1

CIP-gegevens Keninklike Bibleteek, Den Haach:

bruinsma, Klaas

Béatrijs/ [fert. út it Middelnederlânsk troch Klaas Bruinsma] - Ljouwert: Utjouwerij Frysk en Frij

Mei lit. opj.

ISBN: 90-73554-07-1

Stekwurd: Béatrys/Nederlânske skriftekennisse; tekstútjeften.

De ôfbylding op 'e foarkant is in part fan 'e earste tekstsïde fan it oarspronklik manuskript fan Béatrys yn 'e Keninklike Bibleteek te Den Haach.

De foto op it omkaft lit it lânskip om Boarnwert hinne sjen, de Boarnwerter tsjerke is wijd oan Maria

Ynhâld

<i>Ynlieding</i>	7
<i>Oersetting</i>	13
<i>Noaten</i>	45
<i>Kolofon</i>	51

Ynlieding ta Béatrys

Yn de Keninklike Bibleteek te Den Haach berêst hânskriфт 76 E5, dat ûnder oaren it iennichste bewarre manuskript fan it dicht oer Béatrys befettet. Dy midsieuske Marialeginde makket diel út fan in sammelkodeks, dy't yn perkamint bûn is, moai skreaun en fraai fersierd. Der steane fierder yn in leardicht fan Jakob van Maerlant (Heimeljkheid der Heimeljkheden) en de 'Dietsche Doctrinale' (Nederlânsk leardicht) troch in ûnbekend auteur skreaun te Antwerpen om 1345 hinne. Wat de datearring fan it manuskript oangiet, wurde wy goed ynlochte troch in saneamde Peasketafel; dat is in tabel wêrmei de data fan Peaske berekkene wurde kinne. Ut in notysje docht bliken, men hat de Peaskesnein fan 1374 berekkene, dat it hânskriфт moat om dat jier hinne datearre wurde. It is net krekt bekend wêr en foar wa't de sierlike kodeks makke is, mar hy is grif ûntstien yn in wichtich kleaster yn Flaamsk (Belgysk) Brabân en hat ornearre west foar in man fan kwizekwânsje.

It ferhaal oer Béatrys is in Marialeginde. Der bestienen yn de Midsieuwen hiele samlingen leginden, dy't de prysters yn har preken brûke koenen as saneamde eksimpels om de wûndere krêft te toanen fan Maria. De ferearing fan de mem fan God (=Kristus) de keninginne fan de himel, de foarspraak foar sûnders wie suver ûnbegrinzge yn it West-Europa fan de 12de en 13de ieu. En al dy wûnderferhalen (mirakels) waarden graach en grif leud troch de grutte mannichte fan it sljochte folk. It ferhaal sels oer Béatrys of leaver it motyf is minstens in ieu âlder as de kodekstekst. It is yn de ûnderskate Europeeske talen fûn yn 54 midsieuske en 150 lettere farianten yn it Latyn, Frânsk, Dútsk, Spaansk, Aldnoarsk en sels yn it Arabysk! Robert Guiette hat se yn 'La légende de la sacristine' (1927) allegear beskreaun. Guiette komt ta de konklúzje, de âldste lêzingen fan it Béatrysmo-

tyf binne te finen yn twa legindenboeken fan de Cisterciënzer muonts Caesarius fan Heisterbach (in abdij by Köningswinter, Súdeast fan Bonn). Dy boeken, beide út 'e earste helte fan de 13de ieu, geane oer wûnders, sa't de titels al sizze: *Diálogus miraculorum* (=petear oer wûnders) en de *Libri octo miraculorum* (=acht boeken oer wûnders). Mei it lêstneamde boek hat de middelnederlânske leginde it measte mien. Dochs binne der gâns ferskillen; by Cesarius komt Béatrys har bycht bygelyks net foar. Dat men moat net tinke, dat de ûnbekende dichter in skriftlike tekst bewurke hat (naar 's lands gelegenheid verdietst). Nee, hy hat in eigen foarm jûn oan in him mûnling oerbrocht teltsje:

'Volcomelijc na der waerheide, Als mi broeder ghijsbrecht seide' (r. 13 en 14). Dêrby moatte wy wol betinke, dat foar de leauwigen yn de Midsieuwen, de wierheid hiel wat oars wie as uzes, ja dat de wierheid hast it tsjinstelde is fan de ierdske wurklikheid.

Fan alle ferzys dy't der besteane oer it ferhaal fan de kosterinne, is de Flaamske dichter sines fierwei de moaiste. De dichter moat in grut skriuwer west ha: de sobere styl, de ienfâldige, suvere taal, de serene ynhâld, de djipgeande karakterbeskriuwing fan de fallen frou, de dimmene ynbannigens by in tear ûnderwerp tsjûgje allegear fan syn keunstnerskip.

It ferhaal is ienfâldich, mar goed fan taal, mei goede pearrimen en hast sûnder stoplappen. De struktuer is goed trochtocht en lykwichtich; nei in koarte ynliding folget de motivearring fan de sûnde (37-248) dan it sûndigjen sels (249-396) en de gefolgen dêrfan (397-482) en nei it jierrenlange wûnder it weromgean (tink oan de gelikenis fan de ferlerne soan) en einlings op 'e nij it ferbliuw yn it kleaster. De byfigueren (har man en bern) wurde licht sketst, mar Béatrys har aard wurdt klear tekene: sa't hja earst lijt ûnder de oermacht fan har ierdske leafde en letter beswykt ûnder it berou oer har swiere skuld.

Al ieuwen lang binne harkers en lêzers troffen troch dit djip-
minsklik ferhaal, dat yn ienfâldige- en dêrom krekt oertsjûg-
jende- taal de tragyk yn in minskesiel behannelet. It útbyldzjen
fan it persoanlike, it yndividuele is oer it generaal net de sterkste
kant fan de midsieuske dichters. Dêr waard ek net nei stribbe
en boppedat wienen de motiven algemien en ynternasjonaal.
Mar by de dichter fan de Béatrys is dat – aldergeloks – oars:
Yn in tiid dat ridders, jonkfrouwen, boeren en feinten allegear
knipt waarden nei itselde model dat by harren stân hearde – it
wienen dus typen en gjin karakters – hat dy dichter it byld
skepen fan in minske. Fan dy frou dy't har swiere wei fan leed
en striid gien is en har eigen wêzen weromfûn krekt yn de lotte-
ring sels. In need, dêr't hja út rêden waard troch help en gene-
de fan Maria, de mater dolorosa (mem fan smerten ferlykje ek
troch jo hert sil in swurd gean, Lukas 2:35). Béatrys hat gâns
trochmakke: de twang fan har deistige plicht, dêr't hja ta bûn
wie troch de kleasterbelofte (dy't in belofte oan God is) dy't hja
briek; de striid tsjin har hertstochtlike leafde, dy't har oermânsk
wie (de leafde is sterk as de dea, seit Heechliet 8:6). De leafde
dy't har finzen naam (64) wurdt hjir beskôge as in ferlieding
troch de duvel (65, 66, 70, 71) hja wie har rie tenein, hja mien-
de hja gong dea (71) har ellinde as har man har ferlitten hat:
earmoed makke spjalt yn 't pear en dreau harren útien (425 f).
Har grutte wearze (460) oer it kwea dat hja mei har lichem die
(459) om foar har bern en harsels brea te winnen. It folterjend
berou oer har sûnden, dat sa sterk is, dat hja wol yn in baar-
nende ûne krûpe woe, as hja sa har sûnden kwytsje koe (625-
630). De eangst foar it oardiel fan God (502 f) en minsken; har
skrutenens as hja yn it fizioen roppen wurdt werom te gean nei
it kleaster; soe it net op 'e nij bedroch fan de duvel wêze? (736).
En wêr soe hja de moed wei helje om te bychtsjen (912-918)
as hja net op 'e nij yn in fizioen oantrune wie (de jonge ingel
dy't boarte foar it deade bern, 932 ff)? En dan de noed om har
beide bern dy't hja by de widdo efterlitte moast yn djip fertriet!
(867 ff.) Hja hie it altyd al witten djip yn har hert: 'k Bin bang,

de tocht sil my noch rouwe. De wrâld hâldt seldom 't wurd fan trouwe (301,302). Mar om't hja nea „fersomme'te bidden eltse dei yn trou de sân getiden fan Us Leaffrou”, en Maria bea har te bekearen „út alle sûnden dy't hja die” (467-475) hie Marije har tsjinst dien en har plak ynnommen. Sels de abt makke har skande net buorkundich, doe't hja berou toande en bychte hie (1005). It wûnder troch Marije dien, soed er rûnom fan tsjûgje en brûke as eksimpel, sadat dat jit mannich sûnder him bekeare kin (1015 ff). Dat alles ta eare fan Marije, dy't sels foar jin pleitsje kin yn it lêste oardiel (1036-1038).

Der is wol sein, dat it ferhaal fan de dingen neidat Béatrys weromkomt yn it kleaster, in lettere tafoeging is; in oare dichter soe it skreaun hawwe om de klam te lizzen op de needsaak fan de bycht. Guon learde pluzers ha de gebedens sels skrasse wollen. Wer oaren ha yn eltse herhelling in bewiis fan ynterpoalaasje sjen wollen.

Tûke tinkers ha in symbolyk yn de getallen ûntdutsen, sels yn it tal rigels (it getal 666 wurdt wer ophelle) of it tal letters fan de namme Maria. Hiel knap is de útiensetting fan dr. F. Lulofs, dy't wiist op de amour courtois (de hofske leafde) en de ynfloed fan Andreas Capellanus syn 'Tractatus de arte honeste amandi' (ferhanling oer de keunst fan it earsum beminnen). Ik neam dy fasetten hjir allinne, mar gean der net op yn, om't ik mien, dat de kennis dêrfan net nedich is foar it wurdearjen fan de literêre pearle, dy't de Beatrys is. Dy't dat wol, kin yn gâns útjeften hjiroer mear oan de weet komme. Wol neam ik noch de grutte populariteit, dy't de Béatrys hân hat en dy't laat hat ta in grut tal bewurkingen en omdichtingen, ja sels ta trije opera's! De bekendste werskepping yn it Nederlânsk is fansels dy fan P.C. Boutens (1908) yn strôfen fan 4 rigels. Gabriël Smit hat in treflike werdichtung makke (1979), Felix Rutten en Herman Teirlinck in toanielstik: Ik dien (1918). En dan swij ik mar fan oersettingen yn oare talen. Ik hoopje, dat myn ferfrysing net

allinne lêsgenot jout, mar ek wat oerbringt fan it aroma fan de oarspronklike Béatrys. Yn in tiid dat men by it hearren fan it wurd Madonna earst (of allinne) oan in popstjer tinkt, kin de Marialeginde ek noch wize op oare wearden.

Klaas Bruinsma

Béatrys

- 1 It dichtsjen jout my amper bate.
De minsken wolle 't my ôfprate:
'Mêdzje dyn geast net langer ou.'
- * Mar om de tigens fan de Frou,
5 dy't Mem waard en Jongfaam dochs bleau,
begjin ik in swiid wûnder no,
dat God ús sûnder twivel joech
ta ear' fan Marije dy't Him droech.
'k Begjin no oer in non myn dicht.
- 10 Mei God my gunne 't suver sicht,
dat ik de saak yn 't lid krekt reitsje
en dêr in goed beslút oan meitsje,
dat nei de wierheid 't sa folslein bart,
- * lykas my Frater Gysbert sein hat,
15 muonts, oan Sint Willems oarder bûn.
Dy hie it yn syn boeken fûn.
Hy wie in man, bedag' en wiis.
De nonne dy 'k jim neamde niis,
wie hoflik, kein en eal fan seden.
- 20 Jo fine nimmen mear op 't heden
dy't dizze nonne, nei myn sin,
yn stal en dwaan belykje kin.
As ik har lichem prize, f'ral
de tsjeppens fan har kreaze stal,
- 25 dan foege my dat alderminst.
Ik sil jim sizze hokker tsjinst
hja lange jierren die mei flyt.
Yn 't kleaster dêr't hja droech 't habyt:

Dêr't in * foarstiet heart in noat by, sjoch side 45ff.

De kosterinne wie hja dêre.
30 Jim sill' de kleare wierheid hearre.
Hja plichte net loai om te stippen,
mar fûl by nacht en dei te skrippen.
Hja wie yn d' arbeid rap fan dieden,
plichte de tsjerkeklok te lieden,
35 * rette foar ljocht en paramint
* en wekke eltse moarn 't konvint.

Wel, dizze juffer wie net sûnder
de leafde, dy't sa mannich wûnder
bewurket rûnom op 'e ierde.
40 Somtiids sil hja ta skande liede,
ta leed, fertriet en bitt're hate,
en soms ta blydskip en ta bate.
De wize makket hja sa sot,
dat hy yn 't ûngelok him wrot,
45 oft dit him noflik is of noed.
Hja bringt gâns lju ta twivelmoed,
oft sprekken better is of swijen,
wêrmei se tinke baat te krijen.
Hja ûnderwerpt sa mannich minske,
50 dy't pas wer riist, as hja dat winske.
De leafde makket faak ien gol,
dy't leafst syn jeften hâlde wol,
as 't net troch leafde' oantrún is.
Ek binn' der guon sa fêst en wis,
55 * dat leafde harren partsjen docht
al wat hja hawwe, noed of nocht,
en wee en blydskip, lok en rou.
Sjoch, sok in leafde neam ik trou.
'k Soe jim net alles sizze kinne,
60 hoe folle lok en ûnk fan minne
út 'e rivier fan leafde streame.
Men mei de non net kwealik nimme

de swakkens, dat hja net ûntkaam
de leafde, dy't har finzen naam,
65 om't de duvel minsken sûnder swichten
ferliede wol; hy docht gjin lichten,
mar ier en let, by dei en nacht
docht er syn flyt en al syn macht.
Mei mûklist, sa't er skoan ferstiet,
70 brocht hy troch hertstocht yn 't ferlied
de non, dy't miende, hja gyng dea.
Hja smek' en ferge God en bea,
dat Er har sterke mei genede.
'k Bin sa beswierre', hat hja rede,
75 'mei fûle leafd' en wûn' yn 't hart, –
dat wit Dy't oeral weet fan hat
en foar Wa't neat ferhoalen bliuwt –
dat swakkens my ta dwylsin driuwt.
Ik moat in oar bestean no liede.
80 Dit kleasterkleed moat ik fan skiede.'

Hear no hoe't fierder mei har gie;
Hja stjoerde de jongfeint beskie,
dêr't hja mei grutte leafd' oan hinge,
in minlik skriuwen dat betinge,
85 dat er mei gauwens by har kaam.
Dêrmei koe hy syn foardiel dwaan.
De boade gyng nei de jonge ta.
Dy naam it brief en lies wat hja
him tastjoerd hie, syn hertsfreondinne.
90 Doe waard er bliid fan siel en sinnen.
Hy kaam mei hasten yn it spier.
Aloan sûnt harren tolfde jier
faksearre leafde dizze twa,
dat mannich smerte lijden hja.
95 Sadree't er koe, ried hy de tocht

- ne't kleaster, dêr't er har besocht.
 Hy naam in sit foar 't finster doe.
 Hy woe sa minlik graach, as 't koe,
 syn lea sjen en ta wurden komme.
- 100 Doe hat de nonne net lang somme.
 Hja kaam, fol langst om him t' ûntfangen,
 foar 't finster, dat mei iizren stangen
 oerdwers wie en oerlâns bewuolle.
 Hja suchten beiden faak en folle,
- 105 wylst bûten hy siet en hja binnen,
 oermast're fan sa'n sterke minne.
 Sa sieten hja in hiele set.
 Nee, 't folút sizze kin ik net,
 hoe faken hja fan kleur ferskeat.
- 110 'Wee, my, myn freon', sei hja beneard,
 'myn leave skat, it kwelt my sa;
 sis dû tsjin my in wurd of twa,
 dat my wer fleur jout yn 'e geast.
 Sa slim ferlet ha 'k fan dyn treast.
- 115 * De pylk fan minne stekt m' yn 't herte,
 dat ik lij tige grutte smerte.
 En ik bin nea mear bliid, myn oeke,
 of dû moatst my dy pylk útlûke!
- Hy andre har mei gloed fan minne:
- 120 'Dû witst it wol, myn hertsfreondinne,
 sa lang al ha w' elkoar bemind,
 mar al ús dagen hat 't nea kind
 en tiid en talis wie der nea
 en jou elkoar yn rêst in pea.
- 125 * Frou Venus, bjustere goadinne,
 dy't yn ús hert brocht dizze minne,
 mei God de Heare har ferdomme,
 omt hja twa sokke moaie blommen
 fertoarje en ferstjerre lit.

130 Doch my in deugd en gun my dit,
 datstû de kleasterpij ôfleist,
 en no in gaadlik stuit my seist,
 dat ik dy út dit kleaster lied.
 Dan riid ik hinne en ik ried
 135 foar moai' en djoere klean fan wolle,
 en dy mei bûnt befuorr' en folle;
 in mantel, rok en boppekleed.
 En ik ferlit dy nea yn need.
 Mei dy set ik yn 't aventoer
 140 it lok en 't leed, it swiet en 't soer.
 Nim oan as pân myn wurd fan trouwe.'
 'Goefreon', sei doe de jonge frouwe,
 'dat nim ik fan dy oan mei nocht,
 en 'k gean mei dy sa'n fiere tocht,
 145 dat gjint yn 't kleaster witte kin
 't plak dêr't wy hinne reizge binn'.
 Hjoed oer acht dagen kinst op tiidzje.
 Kom dan nei 't kleaster wer en biidzje
 my bûten yn it hôf in poas
 150 * by jûn ûnder in wylde roas.
 Wachtsje my dêr, dan kom ik út,
 * en 'k wurd dyn breid, is myn beslút.
 'k Gean oeral dêrstû wolst, nei ta.
 Wannear ik net in sykte ha
 155 of dingen dy't te swier my binne,
 dan gean ik wis en wier dêrhinne.
 'k Ferlangje sa, myn leave jonker,
 datst komst op 't neamde stee yn 't donker.'

Dit sei elk d' oar ta as ferbûn.
 160 En hy naam ôfskie en hy rûn
 nei wêr't er 't seale hynder liet.
 Op stee bestiigd' er 't hoars en ried
 yn telstap fuort en liet de happe

troch 't flakke fjild nei stêd ta stappe.
 165 Syn leave bout fergeat er net:
 de oare deis gong hy nei stêd
 en kocht blauw' en skarlekken lapen;
 en dêrfan liet er meitsj' in kap' en
 mantel, en beide rom en wiid,
 170 en ek in rok en jûpe swiid,
 en alles fuorre nei 't fatsoen.
 Nimmen hat moaier bûntwurk sjoen,
 dat frouljusklean as fuorring stoppe.
 Elts dy't it seach, moast hjirfan roppe.
 175 Hy kocht har mes en pong en gurl,
 sydsulver, djoer en prachtich spul,
 hierbân en gouden fingerring
 en follerhanne sierlik ding.
 Ja, al dat sieraad freg' er nei,
 180 wêrfan in breid ferlet ha mei.

* Hy naam oan jild fiifhûndert pûn
 en ried doe op 'e lette jûn
 yn it geheim út 't stedsje wei.
 En hy naam al dy skatten mei,
 185 dy't er syn hynder tûge liet,
 wêrop er nei it kleaster ried.
 Hy gyng yn 't hôf, sa hie hja 'm hjitten,
 ûnder in wylde boskroas sitten
 yn 't gers en wachte oant syn faam,
 190 syn leave breid, de doar út kaam.

'k Fertel no earst net mear fan him,
 mar fan de tsjeppe praat ik jim:
 de Minne joech har grutte smerten.
 Tsjin midnacht lette hja de metten.
 195 * En neidat hja de metten songen,
 sawol de âlden as de jongen,

dy't dêre yn d' abdije wiene,
 en nei't de nonnen hinnegiene
 * wer allegear nei 't dormitoar,
 200 bleau hja allinne yn it koar.
 Doe sei hja har gebed yn earnst,
 lykas alear ek wie har wenst.
 * Hja knibb'le foar it alter hoeden
 en spriek mei grutte frez' en noeden;
 205 'O swiete Jezus, leave Heare,
 no kin myn lichem 't net ferneare,
 dat ik noch langer draach dit klaad.
 Jo kenne op en út it aard
 en wêzen fan it minskehert.
 210 Ik ha mei fêstjen en gebed
 my twongen en mei selskastijen.
 't Is allegear omdôch, dit lijen:
 om't Minne my oermastr'e hat,
 is 't dat 'k de wrâld no tsjinje moat.
 215 Sa wier Jo, leave Hear, mei smaden
 tusken twa moardners hongen waarden
 en folt're binne oan it krús;
 sa wier fan 't grêf Jo Lazarus
 opwekke hawwe út 'e dea,
 220 meie Jo oansjen al myn wea
 en my myn kwea ferjaan yn allen.
 Ik moat yn swiere sûnden falle.'

En hjirnei gyng hja út it koar
 en rûn hja nei in byld, wêrfoar
 225 hja knibb'le en har bidden die
 op 't stee dêr't Mem Marije stie.
 'Marije', rôp hja dêr frijmoedich,
 ik ha by nacht en dei earmoedich
 myn leed Jo klag' en sein planút.
 230 It joech my lykwols net in sprút.

Ik reitsj' alhiel myn sinnen kwyt,
as 'k langer bliuw yn dit habyt!
Hja lei op 't stee de pij dêr ou
op 't alter fan Us Leave Frou.
235 Doe die hja har sandalen út.
Ei, harkje no, wat hja beslút!

De kaaïen fan de sakristije
hong hja foar 't byld op fan Marije.
Nei wierheid wurdt it jim ferklearre
240 wêrom dat hja se hinge dêre:
Dat men se maklik fine mocht,
* as men te prymtiid dêrom socht.
Altiten is 't in rjochte died,
wa't foar Marije' byld lâns giet,
245 dat dy syn eagen dêrnei draait
en ear't er fuortgiet, 'Ave' seit.
* Mei 'Ave Maria' yn 't sin te bringen
hat hja de kaaïen dêre hinge.

En no gyng hja dêrwei fan need
250 mei oars neat oan as 't ûnderkleed.
Hja wist in doar dy't ek dêr wie,
dy't hja hiel hoeden iependie.
En hiel temûk gyng hja út hûs,
sûnder gespús, stil as in mûs.
255 Mei eangst wie 't dat yn 't hôf hja kaam.
En de jongfeint fernaam de faam,
en sei: 'Myn leaf, wês net benaud;
dyn freon is 't dyst hjir sjochste, bout.'
En doe't hja kamen by elkoar,
260 doe skamme dizze nonne har,
omdat hja yn har pels hjir stie,
mei bleate holl' en fuotten wie.
Doe sei de feint: 'Myn sierlik moaie,

dy soene grif gâns better toaie
 265 moaie gewaden en djoere klean.
 Nim my net kwea, dat ik it neam.
 Ik skik se dy fuortdaliks ta.
 Under de boskroas gyngen hja,
 en al dêr't hja ferlet fan hie
 270 joech er, dat 't har te wille wie.
 Hy joech har dêr in dûble jûpe;
 de blauwe moast hja fuort oanstrûpe.
 Dy paste goed; de snjit wie kwier.
 Hy lake tsjin har minlik blier
 275 * en sei: 'Myn leaf, dit himelsblau
 stiet dy gâns better as dat grau.'
 Doe loek hja in pear hoazzen oan
 * en in pear Kordobaanske skuon,
 dy't har perfoarst gâns better stiene
 280 * as dy't mei riemen fêstbûn wiene.
 Ek waard hja doe troch him ferblide
 mei 'n holledoek fan wite side,
 dy't hja har wuolle om it hier.
 Doe tute de jongfeint har blier
 285 en minlik op 'e mûle. Him tocht,
 doe't hja sa foar him stie, 't waard ljocht
 allyk de dei, klear as de sinne.
 Hy stapte rap nei 't hynder hinne
 en sett' yn 't seal har foar him del.
 290 Doe rieden hja tegearre tel
 sa fier oant 't daagjen fan 'e dei,
 en nimmen kaam har efternei.

 Doe't earste ljocht yn 't easten kipe,
 sei hja: 'God, hiel de wrâld ta stipe,
 295 wol Jo ús nimme yn Jo hoede!
 Ik sjoch de dage mei syn gloede.
 Ried ik mei dy, myn leaf, hjir net,

dan hie ik no de primen let,
lykas ik wend wie, doe 'k alearen
300 yn 't kleaster plichte te ferkearen.
'k Bin bang, de tocht sil my noch rouwe.
De wrâld hâldt selden 't wurd fan trouwe,
– al ha 'k my no oan har fersein –
S' is lyk in keapman fyn ynlein,
305 * dy't in fergoude flodderding
ferkeapet as in gouden ring.

'Och hea, wat seist dêr, suv're skat!
Lit ik dy ea oer oan dyn lot,
dan mei my God de Hear ferdjerre!
310 Wêrsanne wy ek gean tegearre,
ik skied fan dy yn gjin fertriet,
as ús de bett're dea net skiedt.
Hoe is dyn twivel oan my kommen,
Do hast dochs nea oan my fernommen,
315 dat ik dy nat' of falsk dy swarde?
En sûnt ik dy foar 't earst ferkarde,
ha 'k nimmer op in oar myn sinnen
set, sels net op in Keizerinne.
Al soe ik har my weardich witte,
320 skat, 'k soe dy net om har ferlitte!
Wês dêrfan wis, as fan de bank.
Ik haw fiif hûndert pûn oan blank
fyn sulverjild foar ús by my.
Leave, dat is tenei fan dy!
325 Al reizgje wy nei 't frjemde lân,
wy hoege lykwols neat ta pân
te jaan; wy ha wol sân jier graasje.'
Sa kamen hja yn fikse faasje
oan yn in wâld by 't deilemieren.
330 De fûgels wien' dêr feest oan 't fieren,
en sa lûd galmen harren stimmen,

dat rûnom koe men har fernimme.
 En elk song nei syn eigen aard.
 Dêr wiene moaie blommen spraat
 335 oer 't griene gers, yn iepen tier;
 swietrokich en fol swide sier.
 De iere loft wie klear en blank.
 Dêr riisde mannich beam sa rank
 omheech, dêr't ryk it leaf oan rûze.
 340 De feint seach nei de faam, dy prûze;
 har leav' er mei wat trouwe minn' is.
 Hy sei: 'Myn lea, as 't dy nei't sin is,
 ploaitsje wy blommen yn 'e gerzen.
 My tinkt, 't is hearlik hjir te wêzen.
 345 Kom, jouwe w' ús oan leafde oer.'
 'Wat wolstû?', sei hja, 'lompe boer,
 dat ik hjir lizzen gean yn 't fjild
 lykas in lelle, dy't foar jild
 har lea biedt en te grabbel leit?
 350 Grif hie 'k net folle earsumheid!
 Dû wiest net oankomd mei sok praat,
 hiestû gjin boerehufters-aard!
 Dit muoit my slim en docht my sear.
 Gods grim' oer dyn ûnfoech begear!
 355 Praat my net mear fan sokke dieden.
 Hear nei de fûgels yn de mieden,
 hoe bliid har sin is en har sang.
 Dan falt de tiid dy minder lang.
 As ik spierneaken neist dy lis
 360 op 't bêd dat kreas opmakke is,
 doch dan mar al dyn will' en nocht
 en alles wat dyn hert foldocht.
 Mar hjirom is myn herte kniesd,
 datstû my no dy foarslach diest.'
 365 Hy sei: 'Myn lea, fergriem dy net.

De frouwe Venus hie 't my ret.
 God mei my skand' en pleagen jaan,
 soe 'k ea dy wer sa'n útstel dwaan!
 Hja sei: 'k Ferjou dy dan dyn winsken.
 370 Dû bist myn hâld bopp' alle minsken,
 dy't libje ûnder 't himelrom.
 * Libbe de kreaze Absalom
 no noch en wist ik wis en wier,
 'k koe mei him libje tûzen jier
 375 yn frede en yn weeld' en fleur,
 dan wie dat lykwols net myn keur.
 'k Ha dy sa leaf en fêst ferkard,
 dat men it my net neame moat,
 ik soe dy altemets ferjitte!
 380 Ja, soe ik yn 'e himel sitte
 en dû hjir op 'e ierd' omleech,
 grif kaam ik by dy fan omheech!
 God, rekkenje 't dochs net my ta,
 dat ik sa wanwiis sprutsen ha!
 385 Gjin ierdske will' is dochs allyk
 de lytste freugd' yn 't himelryk.
 De minste is dêr sa folmakke,
 dat neat de siele swieter smakket
 as dat hja einleas God bemint.
 390 Al 't ierdske' is neat as leed; gjin sint
 wurdt wrâlds geniet en nocht wurdearre
 neffens de minste blydskip dêre.
 Wiis binne hja dy't dêrfoar lije.
 Ik kin de dwaalwei sels net mije,
 395 mar moat m' yn grutte sûnden stoarte
 om dy, kreas jonkman, leave harte.'

Sa wie har ûnderling petear.
 Oer berch en delling ried it pear.
 Ik sis 't jim net krekt sa en sa

400 wat barde tusken dizze twa.
 Hja reizgen fierder troch it mêd,
 oant dat hja kamen yn in stêd,
 dy't yn in delling lei sa skoan.
 It kaam har dêre sa goed oan,
 405 hja bleauwen yn dat plak sân jier
 en libben doe yn weeld' en tier.
 Twa bern hien' hja as man en wiif,
 wûn mei geniet fan elkoars liif.

Mar doe, nei't dy sân jier fergienen,
 410 doe't al har sinten útjûn wienen,
 moasten hja tarre fan elk pân,
 dat meinomd wie út 't heitelân.
 Klean, sier en 't hoars dat men behearde,
 ferkochten hja foar heale wearde,
 415 en brochten 't jild dertroch mei hasten,
 en wisten doe net wat hja moasten:
 * Hja koe net oan it rokken spinne
 om mei dat wurk har brea te winnen.
 De tiid waard djoer en heech de prizen
 420 fan wyn en bier en fan de spizen.
 All' iten rekke yn 'e djoerte.
 Doe waard it harren bang te moede.
 Hja gyngen folle leaver dea
 as dat hja biddelen om brea.
 425 Earmoed makke 'n spjalt yn 't pear,
 dreau har útien, al die it sear.
 De man ferbruts syn earste trou
 en liet har efter yn grutte rou.
 Hy gong nei't lân fan jierren her.
 430 Hja seach him neityd nea net wer.
 Dêrjinsen bleauwen om har hinne
 twa tige kreaze bern allinne.

Hja sei: 'No komt my oer yndie
 wat ik al tiden freze hie:
 435 ik bin yn djipp' ellinde stoart,
 om't my de man ferlitten hat,
 op wa't ik tidige yn trouwe.
 Help my, Marije, Leave Frouwe;
 bid foar my en myn bern tegearre,
 440 dat wy net fan de hunger stjerre.
 Wat moat ik, ûngelokkich wiif?
 Ik moat myn siele en myn liif
 mei sûndedieden smoarch ûntwije.
 Stean Jo my by, Leaffrou Marije!
 445 Al koe ik oan it rokken spinne,
 'k soe 't dêrmei net fertsjinje kinne,
 noch net ien bôl' yn fjirtjin dagen.
 Ik moat no, troch de need bejage,
 de stêd út gean, en yn it fjild
 450 * myn lichem feil jaan om wat jild,
 wêrfoar ik iten keapje wol.
 Ik leau, ik kin yn gjin gefal
 myn berntsjes oan har lot oerlitte.'
 Sa gyng hja sûnd' en kwea temjitte,
 455 want men fertelt it ús foar wier:
 bline nearing dreau hja wol sân jier,
 hja gong as ljidske troch de wrâld,
 en hja die sûnde mannichfâld,
 kwea, dat hja mei har lichem die
 460 en har ta grutte wearze wie.
 It wie har tige tsjin it sin.
 Hja die 't om 't skeamele gewin,
 dêr't hja har berntsjes mei gearde.
 Wat joech it, as 'k fan alles bearde,
 465 de sûnden skandelik en swier,
 dêr't hja yn libbe fjirtjin jier?!
 Mar as hja leedzje hie of smert,

hja somme nea of nimmer net
te bidden eltse dei yn trou
470 * de sân getiden fan Us Leaffrou.
Dy bea hja, har ta lof en eare,
mocht Mem Marije har bekeare
út alle sûnden dy't hja die
en dêr't hja mei beladen wie
475 yn al dy tiid fan fjirtjin jier.
Dit, sis ik jim, is sikerwier.
Hja libbe sân jier mei har man;
dêr krige hja twa berntsjes fan.
Hy liet har yn 'e frjemdte sitte,
480 dêr't hja in heap ellinde litte.
Jitris sân jier binn' sûnt ferdwûn.
Hear hoe't har libben fierder rûn:

Doe't fjirtjin jierren omgien wienen,
joech God har yn it hert ynienen
485 berou, en wol sa djip en grut,
hja liet har mei it bleate swurd
noch leaver koart de holl' ôfslaan
as langer sûnden noch te dwaan,
– lykas hja plichte – mei har lea.
490 Hja skriemde nacht en dei fan wea,
sadat har eagen selden droegen.
Hja bea: 'Marij, dy't Kristus droegen,
wel fan gened' oer alle froulju,
lit yn 'e need my net mear krôlje!
495 Ik nim Jo hjir ta tsjûge, Frouwe,
dat my myn sûnden djip berouwe,
en hja myn herte swier fertriette.
Der binn' sa'n berch – ik soe net witte,
wêr't ik se dien ha of mei wa.
500 O! Wat foar takomst sil ik ha?
Gods eagen sjogge my net oan.

Ik soargje tsjin it oardiel oan;
 dêr sille alle sûnden blike
 fan d' earne minsken en de rike,
 505 wurdt alle wandied straf talein,
 * as dêr net earst de bycht fan sein
 en net oprjocht foar boete is.
 Dêr bin ik wis fan, sûnder mis.
 Dêrom sit ik yn eangst en need.
 510 Al droech ik aloan 't boetekleed
 en kroep ik ek troch alle lannen
 op bleate fuotten en op hannen,
 dus sûnder skuon, yn wollen klaad,
 dochs joech 't my net sa folle baat,
 515 dat ik fan sûnden my befrij,
 as 'k net Jo stipe krij, Marij.
 O wel bopp' alle ierdske deugd,
 Jo joegen gâns de sill'ge freugd,
 * sa't by Teófilus bliken die,
 520 dy't ien der swierste sûnders wie.
 Hy hie him oan de duvel jûn,
 en siel en libben oan him bûn,
 en wie syn lienman woarn yn trouwe.
 Doch ha Jo him ferlost, Leaffrouwe.
 525 Al bin 'k in tige sûndich wiif,
 ferdoarn, ûnsillich bûten kiif,
 betink, o Frouwe, dat ik die, –
 hoe 'n libben oft ik ea ek hie –
 altyd ta Jo ear in gebed.
 530 O toan my Jo goedgunstich hert!
 Ik bin in frou fol drôfenis,
 ien dy't Jo help slim nedich is!
 Hjirop betrou ik ûnferfeard:
 te ninter bleau him 't lean ûntkeard,
 535 dy't, eale faam, Jo deistich groete
 en mei 'Ave Maria' moete.

En elts dy't faak in bea Jo seit,
 dy mei it witt' yn wissichheid,
 dat dêrút heil en baat him daget,
 540 om't dit, Leaffrouwe, Jo sa haget,
 * Gods útferkarde breid sa goed!
 * Jo soan hat Jo in groetnis stjoerd
 te Nazaret, en Jo besocht
 troch d' ingel, dy't Jo 't boadskip brocht,
 545 as fan in boade nea fernaam.
 Dêrom binn' Jo sa oangenaam
 * dy wurden, dat Jo sûnder mis
 elts tankber binn' foar 't groetenis,
 dy't faak dêrmei Jo ear bewiist.
 550 Al is yn sûnden hy fertiisd,
 Jo bringe 'm ta gened' opnij
 en pleitsje by Jo Soan him frij.'
 Sjoch, dizze bea en klachte sei
 de sûnderesse eltse dei.
 555 Hja naam in bern oan eltse hân
 en gyng mei har troch 't hiele lân
 yn earmoed en fan plak nei plak,
 en wûn mei bidd'ljen har gerak.
 Hja doarme sa lang oeral rûn,
 560 oant einlings hja wer 't kleaster fûn,
 dêr't hja alearen non west hie.
 Hja kaam doe't sinn' al ûnder wie,
 jûns let by 'n widdo; hja fersocht,
 oft hja de nachts dêr bliuwe mocht,
 565 in ûnderdak út minskeminne.
 'Ik soe jo min ôfwize kinne',
 sa sei dy frou; 'omt jo berntsjes ha.
 Hja binne wurch, liket my ta.
 Gean sitten en rêst út, myn harte.
 570 Fan myn kant sil ik mei Jo parte
 wat my ferliend is fan ús Heare.

Dit doch 'k Syn leave Mem ta eare.'
 Sa bleaun hja mei har bern op 't steed.
 Hja kaam no jerne oan 'e weet,
 575 hoe't gong yn 't kleaster om en ta.
 'O eale frou, sis my,' sei hja,
 * oft dit 't konvint fan joffers is.'
 'Ja', sei hja, 'op myn wurd, jawis;
 en 't is sa prachtich en fol rikens,
 580 dat men fynt nearne syn gelikens.
 De nonnen dy't habyt hjir drage,
 nea heard' ik dat men oer har klage
 of kwea geroft fan harren sprekken,
 sadat de lju har dêrom lekken.'
 585 De frou dy't by har bern siet, sei:
 'Hoe sa? Wer hawwe jo dat wei?
 Ik hearde dizze wiken krekt,
 dat men faak fan in nonne sprekt.
 Soe ik it goed ferstien ha kinne,
 590 dan wie hja hjirre kosterinne.
 Dy't it sein hat, liigde net hjiry:
 it barde fjirtjin jierren lyn,
 dat hja temûk út 't kleaster flein is.
 Nea wist men wer't hja hinne tein is.
 595 noch yn wat lân hja d' ein fûn hat.'
 Ynienen waard de widdo koart
 en sei: 'My tinkt, Jo binn' oan 't meallen!
 As 't no mar út is mei 't fertellen
 fan ûnsin oer de kosterinne.
 600 Oars sill' jo net hjir bliuwe kinne!
 Hja is de kosterinne hjirre
 al sûnt de tiid fan fjirtjin jierren.
 Nea hat hja mist en nea fergetten
 ien ink'le oere fan de metten,
 605 behalve as hja net goed sûn wie.
 'k Leau dat dy minder as in hûn wie,

dy't oars wat fan har seit as goed,
 want hja hat sok in rein gemoed
 as hokker nonne hawwe mocht.
 610 Wa't alle kleasters sels trochsocht,
 * dy't tusken d' Elbe en Gironde binne,
 dy soe, leau 'k, net ien fine kinne,
 dy't yn noch grutter frommens libbe!'

Har, dy't sa lang oan sûnde klibbe,
 615 liken dy wurden nuver ta.
 'Frouwe, ferdúts it my', sei hja,
 'hoe dat har heit en mem krekt hjitte.'
 En d' oar liet beide nammen witte.
 Doe wist hja, dat hja hár bedoelde.
 620 O God! Hoe't hja yn stilte gúlde
 fan djip fertriet nachts op har bêd!
 Hja sei: 'In oar pân haw ik net
 as yn it hert in grut berou.
 Wês Jo myn help, Marij, Leaffrou!
 625 Fan al myn sûnden ha 'k sa'n spyt.
 As ik in oven seach sa hyt,
 dat dy fan gloede stie gleonread,
 sadat it fjoer de bek út skeat,
 grif dat 'k der graach yn krûpe soe,
 630 as 'k sa myn sûnden kwytsje koe.
 * Jo flokke wanhoop oan it heil,
 Hear; hjirop gean ik fêst te seil.
 'k Hoopj' op genede altyd, Heare,
 al hat de eangst my slim beneare
 635 en my yn grutte freze prest.
 Nea hat der sa'n grut sûnder west,
 sûnt Jo op dizze ierde kamen
 en 't minsklik stal en flêsk oannamen,
 en sûnt Jo oan it krús ferstoaren
 640 dat Jo dy sûnder, Hear, ferdoaren.

Dy't yn berou genede sochte,
 dy fûn har, en hy kaam terjochte,
 al wie 't ek let. Dat blykte klear
 by d' iene sûnder fan it pear,
 645 dy't oan Jo rjochter side hinge.
 It wol in sterke treast ús bringe,
 dat Jo him rêden sûnder straffe.
 Oprjocht berou kin alles skaffe.
 Dat merkby't ik oan dizze goed;
 650 want Jo ha sein: 'Freon, dû silst hjoed
 jit wêz' yn 't paradiis mei My,
 mei wisse wierheid, sis Ik dy.'
 't Wie doe, Hear, dat it bliken die,
 * dat Gisemast, dy't moardner wie,
 655 yn 't lêst pas om genede bea,
 en hy gjin goud of skat Jo bea
 as dat syn sûndeskuld him smerte.
 Net te trochgrûnjen is Jo herte
 en Jo ûntferming, likemin
 660 as men de see leechskeppe kin
 yn ien dei, droech oant op 'e grûn.
 Gjinn sûnd' is ea te grut befûn
 foar Jo genede, dy't ik wachtsje.
 Hoe soe 'k my dan ferwurpen achtsje
 665 fan Jo ûntferming, Leave Frouwe,
 as my myn sûnden sa berouwe?'

En wylst hja lei yn dizze bea,
 kaam har de sliep oer hiel de lea.
 Sêft foelen har de eagen ta.
 670 En yn in fizioen tocht hja,
 wylst hja dêr stil te sliepen lei,
 dat har in stimme rôp en sei:
 'O minske, dû hast sa lang kerme;
 Marij hat har oer dy ûntferme.

675 Har pleit hat dy genedich rêden.
 Gean 't kleaster yn mei hast'ge trêden.
 Dû fynst de doar dêr iepen wiid,
 dêrstû trochgien bist yndertiid
 mei dy jongfeint, dyn leafst' yndied,
 680 dy't yn 'e need dy sitte liet.
 Hiel dyn habyt fynstû ek wer
 op 't alter útspraat lizzen dêr.
 Dyn pij, dyn kape en dyn skuon,
 lûk s' allegear gerêst wer oan,
 685 en tankje bliid dêrfoar Marij.
 De kaaien fan de sakristij, –
 dyst oan Marije byld ophongst
 dy nachts, doest út it kleaster gongst, –
 dy kaaien hat hja noed foar stien,
 690 sadat dy fjirtjin jier net ien
 yn dyn ôfwêzichheid dy miste,
 en nimmen fan dyn missen wiste.
 Marij is dy sa tagedien:
 hja hat foar dy de tsjinst trou dien,
 695 yn stal alhiel oan dy gelyk.
 * De Keninginn' yn 't Himelryk
 die, sûnderesse, dat foar dij!
 Gean 't kleaster yn, hjit dy Marij.
 En op dyn bêd fynst nimmen lizzen.
 700 Fan God haw ik dy dit te sizzen!
 It duorre dêrnei net sa lang,
 of hja waard wekker en sei bang:
 'O grutte God, almachtich Hear,
 lit dochs de duvel nimmermear
 705 my bring' yn mear bekommernis
 as dat my no oerkommen is!
 Wannear't ik no nei 't kleaster gong
 en men my as in dief dêr fong,
 wie 'k yn noch grutter skande fierd,

710 as doe 'k alear 't konvint ferliet.
Ik smeeke Jo, o God sa goed,
o Kristus, by it kostber bloed,
dat út Jo siden wâl' as boarne:
wannear't de stimme dy't my moanne,
715 hjir komd is ta myn heil en baat,
jou dat hja net ta swijen waard,
mar dat hja jitris komt en klear
fernommen wurdt in tredde kear,
sadat ik sûnder wifelsin
720 nei 't kleaster no werom gean kin.
Dan sil 'k dêrfoar altyd opnij
priizje en loovj' Us Frou Marij!

't Wie d' oare nachts dat hja fernaam
de stim, dy't jitris ta har kaam.
725 En dizze rôp har oan en sei:
'Dû minske, draalst te lang hjirmei!
Gean no gerêst wer yn dyn kleaster.
God sil dyn sterkte wêz' en treaster.
Doch dû no wat Marij dy hjit.
730 Har ingel bin 'k; twiv'lje 't net.'
Sa hie hja 't twaris no fernommen.
Hja hearde dy stimme ta har kommen;
dy hiet har 't kleaster yn te gean.
Lokwols doarst hja it net bestean.
735 De tredde nachts bide hja noch.
* 'Is 't faaks in wrigge syn bedroch',
sei hja, 'dat ta my komd is harren,
lit my mei hasten dan beswarre
de duvel syn geweld en macht.
740 En as er wer hjir komt tenacht,
Hear, meitsje him dan sa beneard,
dat er it hûs ferlit mei feart,
sadat er my gjin skea dwaan mei.

Marij, wês Jo my no benei!
 745 De stim, dy't Jo oan my stjoerd ha
 en dy't my hiet nei 't kleaster ta,
 ik smeeke by Jo bern Jo, Frouwe,
 dat Jo de tredde kear har jouwe.'

Sa wekke hja de tredde nacht.
 750 Doe kaam fan God in stim mei macht
 en strieljend mei in grutte gloed.
 De stim sei har: 'It is net goed,
 datstû net dochst wat ik dy hiet,
 * omdat Marij troch my gebiedt.
 755 Dû soest te lang wol wachtsje kinne.
 Gean sûnder skrom nei 't kleaster hinne.
 Dû fynst de doar wiid iepen stean;
 wêr'tst hinne wolst, dêr kinstû gean.
 Hiel dyn habyt fynstû ek wer
 760 op 't alter útspraat lizzen dêr.'

Neidat de stim dy wurden sei,
 koe 't sûndich minske dat dêr lei,
 de glâns oan d' eagen net ferneare.
 Hja sei: 'Gjin twivel kin my mear keare.
 765 Fan God komt dizze stim ta mij.
 't Is d' ingel fan de Faam Marij.
 Dat wit ik sûnder efertocht,
 want hja is komd mei sa'n swiid ljocht.
 No sil 'k net mear te wetten stean,
 770 mar hastich nei it kleaster gean.
 Ik sil it dwaan yn goed betrouwen
 op help en krêft fan Us Leaffrouwe.
 'k Betrou de beide bern dy 'k ha,
 oan God, ús Heit, syn hoede ta.
 775 Hy sil wol noed fan harren stean.'
 Doe loek hja redsum út de kleaster

om dêr de bern mei ta te dekken,
hiel sûntsjes, dat hja net har wekke.
Hja tute beid 'op 't mûltsje rûn,
780 en sei: 'Myn leave bern, bliuw sîn.
Tiidgjend op help fan Us Leaffrouwe,
lit ik jim hjir yn goed betrouwen.
Wie my gjin geunst jûn troch de bea
fan Mem Marij, 'k ferliet jim nea
785 om al it guod dat Rome hat.'
Hear wat mei har hjirnei noch bart:

No gyng hja nei it kleaster hinne
yn grutte drôvens, poer allinne.
Doe't hja de kleastertún yn sette,
790 seach hja op 't stee de doar ûntsletten.
Hja gong 't konvint yn sûnder skrom
en sei: 'Marije, tank hjirom.
Ik bin wer kommen binnendoarren.
Mei sein' en lok fan God my barre!
795 En dêr't hja kaam, fûn hja de doar
wiid iependien foar har yn 't foar.
Doe gong hja de kapelle yn;
dêr sei hja lústerjend en fyn:
'O Heare God, ik bid Jo from:
800 help my yn myn habyt werom.
Dat lei 'k foar fjirtjin jierren ou
op 't alter fan Us Leave Frou
dy nachts, doe't ik omfierrens tige!
Wat ik fertel wol 'k wier net lige.
805 Ik sis 't jim sûnder gekkerij:
har skuon, har kape en har pij
fûn hja op 't selde stee yndie
werom, dêr't hja se dellein hie.
Hja loek se oan en tige kwyk,
810 en sei: 'O God fan 't himelryk

en Jo, o eale faam Marije,
 mei ider sein' en eare wijje!
 Jo binn' de blom fan alle keinens!
 Jo droegen yn Jo steat fan reinens
 815 in berntsje sûnder smert, o Breid,
 dat Heare bliuwt yn ivichheid.
 Jo binn' in skat mei ealens sierd.
 * Jo Bern skoep 't himelryk en d' ierd.
 * God woe in swiden macht Jo jaan;
 820 dy stiet altyd ta Jo foldwaan:
 Jo kinn' as Mem gebiede oer
 de Heare God, ús ierdske broer.
 Syn leave dochter neamt Er Jo.
 Dêrom libj' ik gerêster no:
 825 dy't Jo genede siket, wier,
 dy fynt, al komt er ek pas ier.
 Jo help is tige grut yn leed.
 Al libb' ik yn fertriet en need,
 troch Jo, Leaffrou, feroare 't sa,
 830 dat ik no wiere blidens ha.
 Ik priizje Jo mei rjocht, Marij!
 De kaaien fan de sakristij
 dy hongen oan it byld yndie,
 dêr't hja se earen hongen hie.
 835 Hja hong se om lykas alear,
 en gong nei 't koar; dêr seach hja klear
 de kearsen barnen yn alle hoeken.
 En dêrnei gong hja nei de boeken;
 hja lei elk op syn plakje ree,
 840 sa't hja alear faak die op 't stee,
 wylst hja de Faam Marije bea,
 oft dy har hoedzje woe tsjin kwea,
 en ek har bern, dy't s' efterliet
 yn 't widdohûs yn swier fertriet.
 845 De nacht gyng wyls sa fier syn baan,

dat 't oerwurk tolf begûn te slaan,
 sadat men wist, midnacht hie 't slein.
 Hja naam it klokketou by d' ein,
 en lette metten kreas op tiid,
 850 dat elk koe 't hearre wiid en siid.
 Dy't boppe op 'e sliEPSaal leinen
 dy kamen daalk nei ûnd'ren tein en
 fuort allegear har sliEpsTEE út.
 Hja wisten fan de saak gjin sprút.
 855 Hja bleau yn 't kleaster tenei altyd,
 en hie gjin skande of ferwy't.
 Marij hie ommers foar har tsjinne,
 as soe hja 't selme wêze kinne.
 Sa wie de sûnderes bekeard,
 860 Marij ta lof, fan minsken eard
 as Faam en Himelkeninginne,
 dy't jimmeroan mei trouwe minne
 har freonen bystiet yn 'e need,
 * as hja beswierre binn' mei leed.

865 * De joffer dêr 'k ferhaal fan die,
 is nonne, sa't hja earen wie.
 No wol ik lykwols net ferjitte
 har beide bern, dy't s' efterlitten
 hie by de widdo yn grut wea.

870 Hja hienen neat, gjin jild noch brea.
 Ik kin jim net alhiel beskriuwe,
 hoe 'n grutte weeklacht hja bedreauwen,
 doe't hja har seagen fan mem ferlitten.
 De widdo gong nêst harren sitten;
 875 hja hie begrutsjen om 't gemis.
 Hja sei: 'Ik gean nei de abdis
 mei dizze beide bern fol smerte.
 God jout d' abdis wol yn it herte
 de wil ta goeddwaan oan de bern.'

880 Hja liet har klean en skuon oantsjen,
 en naam har nei it kleaster mei.
 Hja sei: 'O Frouwe, nim Jo nei
 de need fan dizze beide wezen;
 de mem hat har yn noed en frezen
 885 fannacht yn myn hûs efterlitten
 en is har gong gien oer de strjitten;
 ik ha gjin aan derfan wêrhinne.
 De bern binn' sûnder hoed' allinne.
 Ik holp har jern' as 'k wiste hoe.'
 890 D' abdisse sei dêrta har doe:
 'Om't hja betroud binn' oan jo hoede,
 stean noed fan har; 't wurdt jo fergoede,
 dat jo der net oer kleie sille.
 Jou fan it miel – om Goades wille –
 895 * har eltse dei de jeft fan minne.
 Stjoer eltse dei in feint hjirhinne,
 dy't drinken hellet en har iten.
 Untbrekt har eat, doch 't my te witen.'
 De widdo wie sa op 'e trie,
 900 dat 't har sa nei it sin gien wie.
 Hja naam de bern mei op har noed
 en soarge foar har tige goed.
 De mem dy't ienris 't boarst har joech
 en pin' en smert om harren droech,
 905 har wie it no sa wol te moede,
 doe't hja se wist yn goede hoede,
 har bern dy't hja ferlitten hie
 yn grutt' ellinde, doe't hja gie.
 Hja hie tenei gjin frees noch soarch
 910 mear om har bern mei sok in boarch.
 Har fierder libben wie yn hill'gens.
 Mar suchtsj' en beevje fan ûnsill'gens
 die dizze non by nacht en dei,
 om't har berou yn 't herte lei

915 oer slimme sûnden dy't har kwelden.
 Hja doarst net heal dy te fermelden
 oan hokker minsk' of bleat te lizzen,
 of yn in skreaune foarm te sizzen.

* Hjrnei kaam op in dei yn 't stichte
 920 in abt, dy't 't fisitearjen plichte
 te dwaan. Ien kear yn 't jier kaam hy
 om te fernimmen oft d' abdiij
 mûlk skandelik geroft bedrige,
 wêtroch men in kweanamme krige.

925 Deis doe't er kaam yn har fermidden,
 lei dizze sûnderes te bidden
 yn 't koar en sei har bea fol twivel
 en grutte twastriid, want de divel
 ferlokke har, dat hja har skamme
 930 en diel har skand' en sûnd'ge namme
 yn bychtsjen oan de abbet mei.
 En wylst hja sa te bidden lei,
 seach hja bylâns har eagen gean

* in jongeman yn wite klean.

935 Hy droech op d' earm in neaken bern;
 it bern wie dea, tocht hja te sjen.
 En op en del smiet dy jongfeint
 in appel, en dy waard wer heind
 foar 't bern; hy boarte sa aloan,

940 De nonne seach dat tige skoan,
 wylst hja yn har gebedens lei.
 Hja frege: 'Freon, as 't wêze mei,
 dat jo hjir kommen binn' fan God,
 dan smeekj' ik jo by Syn gebod,

945 dat jo my sizz' en klear beken
 wêrom't jo boartsje foar it bern
 mei dizze moaie appel rea.
 It leit dochs yn jo earmen dea?

Jo boartsjen jout him net in spier.
 950 'Non', sie de feint, 'nee, dat is wier.
 'k Wit fan myn boartsjen absolút
 net folle; nee, noch net in sprút.
 It bern is dea, en sjocht noch heart.
 Krekt en allyk wit God ek net,
 955 dat jo hjir bidd' en fêstje. Wyt,
 sok boetsjen jout jo net in byt.
 Omdôch is alle lêst en lijen,
 dat jo frijwillich jo kastije.
 Jo binn' yn sûnden sa fertiisd,
 960 dat net ta God jo bidden riist
 dêrboppe yn Syn himelryk.
 Ik ried jo, hastich op besyk
 te gean by d' abt, faar fan jo siel.
 Fertel jo sûnden him alhiel,
 965 ja, sûnder ligen allegearre.
 Lit net de duvel jo ferdjerre.
 De abbet sil jo frijspraak skinke
 fan alle sûnden dy't jo krinke.
 Mar wolle jo se net útsprekke,
 970 dan sil God swier oan jo se wrekke!
 De feint gyng út har eagen wei,
 ferskynde har net mear dêrnei.
 Mar wat er sei, hie hja ferstien.
 De oare moarns gong hja meien
 975 nei d' abt en frege him faksearre
 har bychtsjen wurd foar wurd te hearren.
 De abt wie in ferstannich man.
 Hy sei: 'Myn dochter, leave non,
 it bychtsjen wurdt jo net ûntsein.
 980 Betink jo goed en doch folslein
 fan al jo sûnden my ferslach.'
 En dêrop gong de nonn' opslach
 sitten nêst d' abt sa from fan steat,

en lei him hiel har libben bleat,
 985 har wannel sûnt it earst begjinnen:
 hoe dat hja troch in dwaze minne
 sa bjuster yn ferlied brocht wie,
 dat hja benefter litten hie
 't habyt, om 't op in nacht fol frezen
 990 op 't alter fan Us Frou te lizzen,
 en mei in man 't konvint út rûn wie,
 dy't doe by har twa berntsjes wûn hie,
 Al wat hja ea dien hie oan evel,
 dêrfan ferswijde hja gjin grevel;
 995 al wat hja wist djip yn har siel,
 bekende hja de abt alhiel.
 En doe't hja alles bychte hie,
 joech d' abt, dy fromme faar, beskie:
 'Dochter, ik sil jo frijspraak skinke
 1000 fan alle sûnden dy't jo krinke,
 en dy't jo my belieden niis.
 Dêrom mei eare, lof en priis
 de Mem fan God, Marije, ha!
 Hy lei har op 'e holl' er ta
 1005 de hân en skonk ferjeffenis,
 en sei: 'k Sil yn in preek foarwis
 jo bycht yn 't iepenbier ferklearje,
 mar dy sa hoeden presintearje,
 dat jo noch ek jo bern hjirmei –
 1010 op hokker plak of tiid tenei –
 ea mear jit smaad en skande krije.
 It wie ferkeard, soe men 't ferswijsje,
 dit hearlik wûnder, dat ús Heare
 ferrjochte hat, Syn Mem ta eare.
 1015 'k Sil rûnom tsjûgje fan dit wûnder.
 Ik hoopje ek, jit mannich sûnder
 sil troch 't eksimpel him bekeare,
 Marije, Us Leaffrou, ta eare.'

Ear 't er nei hûs wer gong, die earst dêr
 1020 de abt te witten oan it kleaster,
 wat ienris bard wie mei in non.
 Hja wisten lykwols neat derfan
 wa't hja wol wie – dat bleau ferhoalen.
 D' abt reizge ôf, oan God befoalen.
 1025 Hy naam de non har beide bern
 en liet har yn syn hoede tsjen.
 * In skier habyt joech hy dy twa;
 twa brave minsken waarden hja.
 * Har mem dy hiet fan Béatriis.–
 1030 Jou God no lof en ear' en priis
 en oan Marij, dy't Kristus droech
 en ús dit swide wûnder joech!
 Hja joech út alle need behâld.
 Lit ús no bidde, jong en âld,
 1035 * dy't dit mirakel hearr' yn 't lêzen:
 mei Mem Marij ús foarspraak wêze
 * yn Josafat syn delling swiet
 dêr't God it oardiel seit oer d' ierd.
 Amen

Noaten by Béatrys

4. ff. Marije, mem fan Kristus, neffens de R.K. opfetting Virgo Immaculata = Unbeflekte, keine Jongfaam. Him (r.8) =Kristus, de twadde persoan fan de trijeiene God (r.7). Yn midsieuske teksten wurdt Kristus lyksteld mei God.
14. f. Frater Gysbert wie 'Een begheven willemijn': hy hie him fan de wrâld tebeklutsen en wie yn in kleaster gien fan de hearremiten fan de oarder fan Sint Willem, dy't op ûnderskate plakken yn Flaanderen in kleaster hienen. Gysbert wie dus in Wilhelmyt, sa neamd nei de stifter fan de oarder Wilhelm von Malavalle.
35. Paraminten (sieraden) binne de gewaden dy't yn de liturgy droegen wurde.
36. 't konvint (letterlik gearkomste) it hiele kleaster; hjir: alle nonnen.
55. Patsjen: ferlykje it homonym patsjen fan Latyn pax, pacis, frede(spea). Sjoch Romeinen 16:16.
115. 'der minnen straal' is in term út 'e hofske leafdespoëzy. Mar ferlykje de foarstelling fan Cupido (= begearte) of Amor (=leafde) dy't pylken sjit.
125. Frou Venus, de heidenske goadinne fan de leafde, blykt in wurktúch fan de duvel te wêzen, sj. 66 ff. 'Hy brocht troch de hertstocht yn 't ferlied de non.' (70, 71) Sa sjoen is Venus dus it tsjinbyld fan Maria (eroos tsjinoer ágapê) ferlykje 366.
150. De egelantier of wylde roas (Rosa rubiginosa) is in sinbyld fan de leafde (268).
152. Breid is net allinne jongtroude frou, mar ek ferloofde faam.
181. 500 pûn oan munt (ferlykje it Britske pound) wie in ûnbidich heech bedrach. Yn alle gefallen bewiist it de rykdom

- fan de jonge ealman.
195. De metten (Latyn: horae matutinae) foarmje de earste fan de sân getiden fan it offisium, de liturgyske gebedens dy't sein wurde op beskate tiden fan 'e dei. Hjir waarden de metten dus songen om midnacht!
199. It dormitoar (fan dormitorium) is de sliepseal.
- 203.f. Hja bidt earst yn it koar foar it alter, dan (223 f) foar it byld fan Marije.
241. Te prymtiid: tiid fan de prime (298). 'horae primae' de earste fan de sân lytse oeren, de twadde fan de kanonike getiden, wie moarns om seis oere.
247. Ave Maria (Groetnis, Marije) binne de begjinwurden fan de ingel Gabriël syn groetnis (Lukas 1:28) sûnt ieuwen it gebed ta de Hillige Faam yn de RK tsjerke. Fan de wurden Ave Maria komt ús wurd: amerij, winlik de koarte tiid dy't nedich is om dat gebed út te sprekken.
- 275.f. Himelsblau wie de kleur fan Maria: dat grau (276) is de kleur fan har 'pels' (250, 261) mar ferwiist yndirekt ek nei har habyt as sistersiënzer. Sjoch ek 1027: de bern krigen deselde pij as harren mem: fan de Skiere Muontsen.
278. Kordobaanske skuon wienen makke fan lear út Córdoba, Spanje.
280. 'dy't mei riemen' ensfh. tsjut op de sandalen, dy't hja as non droegen hie.
305. Formine is neffens Verdam Middelnederlansch Handwoordenboek 'valsich goud' en neffens Van Dis: 'minderwaardig goudkleurig mineraal, pyriet, iizerkies.'
372. Absalom waard beskôge as model fan kreasens; 2 Samuel 14:25: 'No wie der yn hiele Israel gjin man sa kreas boppe alle lof as Absalom.'
417. As dochter fan in ealman, as freule hie hja it groffe hân-wurk net leard.
450. ff. Hja moast har 'lichem fiel jaan foar jild' prostitúsje = bline nearing driuwe as ljidske (457) wat 'har ta grutte wearze wie' (460). Mar 'Hja die 't om 't skeamele gewin,

- dêr't hja har berntsjes mei genearde.' (462, 463)
470. De sân getiden fan Us Leaffrou foarmje it Officium Beatae Mariae Virginis = de oeregebedens ta eare fan de hillige Faam Marije.
501. Ferlykje 1 Petrus 3:12: de Hear sjocht goedgeunstich nei de rjochtfeardigen. Dat is in oanhaal fan Psalm 34:16: 'De Heare hat in iepen each foar de rjochtfeardigen.'
506. f. Hjir wurdt al de needsaak fan bycht en boetedwaan neamd.
519. f. Teófilus (lett. Godsfreon!) hie by kontrakt syn siel oan de duvel jûn (52) neffens de midsieuske leginde, mar wie lykwols ferlost troch Maria. (524)
541. De Leaffrouwe Maria wurdt sjoen as de breid fan Kristus.
542. Ek hjir wurdt Kristus lyksteld mei God.
547. Dy wurden: te witten Ave Maria, wêrmei de ingel har oanspruts yn Nazaret.
577. Konvint fan Joffers: kleaster fan nonnen fan eal komôf, froulju fan hegerein.
611. De Elbe ûntspringt yn Tsjecho-slowakije en streamt út yn de Noardsee. De Gironde mûnet út yn de Atlantyske Oseaan. De widdo wol sizze: yn hiel Europa fynt men gjin frommer nonne.
631. Wanhoop wurdt sjoen as in sûnde tsjin de Hillige Geast, omdat it twivel is oan Gods genede.
654. Gisemast sa hjit yn de tradysje de 'goede' berouhawwende moardner, dy't mei Jezus krusige waard. Hy leaude, dat Jezus sels op it alderlêst him rêde koe. Sjoch Lukas 23: 39-43. Mar Mattéus 27 seit, dat de beide rovers Him hûnden.
696. De Keninginne yn 't Himelryk is ien fan de mannichte titels fan Maria; ta Regina Coeli is hja kroand; it ûnderwerp fan gâns miniatueren en skilderijen.
736. In wrigge is in kweageast, in demon. Ek kening Karel yn Karel en Elegast hâldt de stim dy't ta him komt, foar! alfs-gedroch! fan de duvel (739) stjoerd.

754. Troch de stim jout Maria dy opdracht werom te gean nei it kleaster.
818. Kristus, it bern fan Maria, wurdt hjir as Skepper sjoen, ferlykje Johannes 1:3: it Wurd fan God is sels God en troch Him is alles ûntstien.
189. f. God hat sa'n grutte macht oan Maria jûn, dat hja sels gebiede kin oer Kristus, dy't God de Soan is! En God de Heit neamt Maria syn dochter. (823) Hjir wurdt yndied Maria boppe Kristus set; Maria as Meiferlosseres?
864. Neffens gâns learden einget de oarspronklike leginde; dan soe de rest fan de tekst (865-1038) letter tafoege wêze. Mar der binne likefolle dy't fan betinken binne, dat de rest der ek by heart.
895. De jeft fan minne (caritate) is de leafdejeft, û.o. sein fan it oerskot fan in miel dat foar de earmen ornearre wie. Dy koenen it by 't kleaster helje.
919. ff. It sticht(e) is it kleaster; it fisitearjen (visitatio) troch de abt wie in jierliks ûndersyk nei de hanthavening fan 'e kleastertucht.
934. ff. It deade bern wurdt net bliid fan it heinderbaljen mei de reade appel, dat de wite jongfeint (ingel?) docht. Sa is God 'dea' dôf foar Béatrys har bidden en fêstjen, omdat hja har sûnden net bychte hat by de abt (953).
1027. In skier habyt waard droegen troch de Sistersiënzen, dy't dêrnei de Skiere Muontsen neamd waarden. De namme libbet fuort yn Skiermuontseach. Dat hearde yn 1440 ta oan it Sistersiënzer kleaster Klaarkamp bij Rinsumageast. Dêr stie de yn 1165 stifte abdij, dy't sels letter nonnekleasters stifte: t.w. Sion by Nijwier en by Damwâld (ferlykje de Sionsberch: it Dokkumer sikehûs) en Genezaret of Nazaret by Hallum. Fierders de manljuskleasters fan Blomkamp (Floridus Campus) dat is it Hartwerter kleaster. Dy Sistersiënzer abdij hat har namme jûn oan in ferpleechhûs yn Boalsert.
De Skierstins yn Feanwâlden is in rest fan in úthôf fan

Klaarkamp. Ferlykje fierder noat by 275: de bern krigen itselde habyt as har mem Béatrys en suver fansels folget dêrop: twa brave minsken waarden hja.

1029. Pas tsien rigels foar de ein wurdt de namme fan de non meidiel: Béatrys. De namme fan ús Keninginne betsjut: hja dy't lokkich makket, en is oarspronklik in tafoeging oan de namme Maria, dy't Kristus droech en ús dit swiid mirakel joech (1031 en 1032). De namme Beatrys kaam yn 'e Midsieuwen faak foar. Ik wiis hjir op Béatrys fan Nazaret (by Lier, SE fan Antwerpen) de mystike skriuwster fan 'Seven manieren van minne', it âldste geastlik proza yn it Nederlânsk. En folle bekender is Dante syn fereare frouwe Beatrice.
1035. Dit wûnderferhaal moast dus yn kleasters foarlêzen wurde.
1037. It swiete dal of de delling fan Josjafat is hielendal net sa swiet, want God sil dêr rjochtdei hâlde (Joël 4:2) oer alle folken fan rûnom (Joël 4:12).

Kolofon

Fan Klaas Bruinsma te Aldemardum, berne Easterein (L.) 1931, áld-learaar Ingelsk en skiednis, ferskynden yn 'e ôfrûne fjirtich fier gâns oersettingen fan poëzij en toaniel ut de wrâld-literatuer. Bruinsma fertaalde ûnder oaren ut it klassyk Gryksk, Ald-, Mid- en Nijingelsk, Dútsk, Frânsk, Middelnederlânsk, Nederlânsk en Spaansk. Oarsom brocht er Fryske fersen yn it Spaansk oer.

De measte publisearre oersettingen ferskynden yn de literêre tydskriften Hjur en Trotwaer.

Fan Bruinsma waard earder útjun:

Rein de Foks (oersetting fan Van den Vos Reynaerde) - L. Jansma, Bûtenpost, 1974;

Sa Bist (oersetting fan Esopet, 67 fabels) - De Tille/Bosch en Keuning, Baarn, 1985;

Sófokles, Trije Tragedzjes - Van der Eems, Easterein, 1991.

Dizze oersetting fan Béatrys is makke yn 1987-'88.

